


Po@dium

nije digitale berjochten
fan Bennie Huisman



hjerst 2021



Reisebilder

It earste dat my opfalt as ik de Autobahnen ferlit foar diken dy't ek troch lytse stêdden en doarpen geane, binne de ferkiezingsboerden. By ús binne dy meast allegear kreas by-inoar plakst op grutte panielen, oanfold mei wat de oerbleaune trouwe leden achter de rúten plakke of yn de eigen tún of greide sette.

Hjir sit oan hast elke lantearnepeal in boerd. Oant yn de lytste doarpen ta. Mei in boadskip yn koart bestek, faak neist de holle fan de man of frou dy't foar dat boadskip stride sil yn de *Bundestag*. Oer in wike as trije binne yn Dútslân de ferkiezings foar de nije *Bundestag* en sil der ek in nije *Kanzler* komme. Of *Kanzlerin*, al is de kâns dêrop diskear mar lyts. In skoftlang gie it de *Grünen*, mei harren hammerjen op de klimaatkrisis en mei de mediagenike haad-frou Annalena Baerbock tige foar de wyn, mar dat koe it kristlike en sosjalistyske manfolk fansels net samar barre litte en doe't se ek noch in boek skreau oer hokker kant it út moat mei Dútslân, doe gie it al gau net mear oer de ynhâld mar oer it feit dat se it ek skreaun hie mei wat knip- en plakwurk út oare boeken. En net te ferjitten: 'hoefolle bestjoerlike ûnderfining hat se no eins, se komt noch mar krekt sjen'. Yn it earste *Fernseh*-debat die se it oars goed. Foar wa't al hiel lang net mear wenne kin oan it bern-achtige gedoch yn ús politike TV-arena's, yn Dútslân wurde ek noch serieuze ideeën en opfettings útwiksele dan wol mei arguminten bestriden.

Wat *Klima* oangiet binne ek dêr noch wol wat te stappen te setten. De âlde ekonomyske oanjagers fan de nei-oarlochse wolfeart, stienkoal, brúnkoal, autoyndustry, dy binne noch altyd machtich en op 'e Autobahnen wurd ik geregeld foarbyriden mei nei skatting 180 km yn it oere. Mar it tilt op fan de wynmounen. En de ramp yn it Ahr-tal sil dochs wol in soad minsken oan it tinken sette.



Yn it plak fan myn bestimming, de âlde Hanze- en eardere DDR-stêd Havelberg, binne de measte boerden fan *Die Linke*. Dat is in partij dy't in mijs is fan eardere kommunisten, fredesbeweging en radikale sosjalisten, wat fergelykber mei by ús de SP.

Myn freon en *Gastgeber* Heinz stimt ek op harren. Net dat er him yngeand ferdjippe hat yn de ideeën achter al dy biedwurden. Wat er benammen wol is *Weltfrieden* en Die Linke is as iennichste partij útsprutsen oer de Dútse wapenynndustry. Dútslân is ien fan de grutte eksporteurs en dêrmei oanjager fan mei wapens útfochten konflikten. Dy't spylje har benammen fier fan ús bêd ôf. Oarloch hjir wurdt aloan mear in ynformaasje- en cyberoarloch, dêr komt gjin tank of raket oan te pas. Wa't de digitale netwurken, dêr't ús hiele hjoeddeiske libben op en om draait, lam lizze wol, kin dat dwaan foar in fraksje fan wat in tank kostet.

De gruttere partijen beheine harren ta neatsizzende biedwurden. De CDU en SPD mei in foto fan regionale *Bundestagabgeordnete*, wêrby de sosjalist op ien boerd noch even ûnbesnoeid yn 't sin brocht wurdt wêr't er wei komt: oer syn mûle sit in sticker plakt mei: *Arbeiterverräter*. De rjochtsradikale Afd fisket yn troebeler wetter: *Ausländer raus*, in hikke om Dútslân en gjin faksinaasjetwang. By harren falt ek it beladen wurd: *Heimat*.

Ut Havelberg wei folgje ik it formaasjejenys yn Nederlân. Ik begryp dêrút dat besocht wurdt om yn it EK-langste formaasje yn elk gefal it earfolle twadde plak te berikken (België is net mear yn te heljen). Foar dy earfolle fermelding moatte de grutte problemen dan mar even wachtsje. Der binne ek ferliezers: froulju en bern yn Afghanistan, froulju yn Texas, froulju wêr dan ek. En der is altyd wol in wurd fan hokker God dan ek te finen dat de ûnderdrukking en it rjochtenleas meitsje rjochtfeardigt. Mooglik sjogge we by alle grutte problemen yn 'e wrâld noch ien oer de holle: de permanente idintiteitskrisis fan de manlju, dy't harren dominânsje bedrige sjogge.

ekologyske fuotstappen

Ik bin hjir mei de auto kommen. Dat is de earste kear, alle oare kearen kaam ik del op 'e fyts, faak yn kombinaasje mei de trein.

Yn myn persoanlik ekologysk parlemint is der lang oer diskusjeard en op omstind. De trein is foar sokke ôfstannen myn favorite reismiddel. Sit ik ien kear op myn plak, dan ha 'k alle tiid om wat te skriuwen of te lêzen. De fyts meinimme is dan net altyd like maklik: de NS beskôget it meinimmen fan in fyts as in opsje, dy't sa dreech mooglik makke wurde moat. De IC nei Berlyn hat mear romte, mar de ynstep is altyd in gewrot foar in fyts mei bepakking. De regionale treinen yn Nederlân en Dútslân binne folle fytsfreonliker: kinst der sa ynride en der is mear plak.

Mar mei de auto hat ek foardielen.

Ik kin der alles yn goaie wat ik mei ha wol. Yn dit gefal giet it benammen om myn digitale piano. Mar de neidielen binne eins grutter. Dat hat te krijen mei de inderlike wjerstân dy't ik aloan mear fiel tsjin it gejakker en de drokte op 'e sneldiken. Der is ek in groeiend besef fan de trúk dy't we úthelje moatte om mei 100 km of mear op sokke diken te riden, de ynperking fan ús bewustens, om net benaud te wurden. As ik ien kear achter it stjoer sit slagget dat wol en kin ik it goed, mar sa komfortabel en fanselsprekkend as earder wurdt it noait mear.

It is in lytse, súnige benzineauto en alsa yn ekologysk opsicht net de beroerdste kar.

Lykwols bliuwt it yn widere sin de fraach of it sa trochgean kin: in ûnbegrinze persoanlike en algemien ekonomyske mobiliteit. Mei fakânsjes witwerhinne, mei guod fan út 'e hiele wrâld hjirhinne komme litte. Dat sil noch wol lang sa trochgean en de al mar dúdliker wurdende konsekwinsjes fan ús grutte ekologyske fuotstappen sille benammen bestriden wurde mei technyske innofaasjes. Us persoanlike kar sil dêr net folle oan ôf of- tadwaan.

Ek op dat mêd libje we mei in beheinde bewustens, we drukke de eangst en besoarchdheid fuort. Oant it wetter ús oan de knibbels ta stiet - letterlik. Lykwols wol ik dêr net op wachtsje. It minste wat ik dwaan kin is de fanselsprekkendheid fan it autobruken foar mysels alle kearen wer te befreegjen.

Dat selde jildt foar in oar ekologysk striidpunt: it iten fan fleis. Ik ha net de illúzje dat de hiele roofbou dy't we optúgd hawwe om ús favorite diët ûnbeheind tagonklik te hâlden by myn libben noch ynwiksele wurde sil foar in mear respektfolle relaasje mei ierde, natoer en *Umwelt*. En ik wit ek, dat fleisferfangers net allegear fan ûnbesprutsen gedrach binne, al wie it allinne mar om't se standert yn withoefolle plestik ferpakt binne. It hiele stribjen nei in 'bettere wrâld' is útsoarte *kompliziert*. Mar dat is in minskelibben faak ek, om fan sokke saken as 'leafde' mar net te praten. Lykwols besykje we altyd wer om der mear út te heljen, om it better te dwaan, om der wizer yn en fan te wurden.



Spielerei

Snein 5 septimber, ein fan 'e middei.

De lêste besikers nimme ôfskie: in stel fan myn jieren. Ek hjir bestiet it publyk benammen út generaasje-genoaten. Sij is fuort nei de oarloch opgroeid yn in lytse stêd tsjin de Nederlânse grins oan en gie yn Nederlân nei skoalle. We ha der nei it optreden tegearre in skoft bûtendoar oer praat, yn it Nederlâns. In taal dy't se noait mear praat, noch wol lêst en koestert as de kern fan ljochte mominten yn de grize, stikkene neioarlochse werklikheid fan har bernetiid. As se nei de doar rinne, moat se har man, in pinsjoenearde learaar, oan de earm meinimme. Hy is fytsjen jier lyn troch in eachsykte yn twa jier tiid blyn wurden.

By de de doar bliuwt er stean, siket mei syn hân dy fan my om ôfskie te nimmen, knypt stevich ta en begjint sachtjes te sjongen, mei in hege suvere stim:

'Ein Freund, ein guter Freund, das ist das Beste was es gibt auf der Welt'...

Ik sjong mei en we meitsje it hiele refrein tegearre ôf. Syn hiele moaie skerpe gesicht ljochtet op om syn deade eagen hinne. Dan fertelt er dat se dat songen op it koar dêr't er op siet en we diele noch wat bysûnderheden oer de herkomst fan it liet, oer de Comedian Harmonists en de film: *Die drei vom Tankstelle*. 'Mit Heinz Rühmann..' beslút er ús histoaryske útstapke. En daalt taastend mei de fuotten de brede stiennen trep nei de strjitte ôf. Ik stopje it yntime momint yn myn laadtsje fan kostbere oantinkens om it net kwyt te reitsjen. De oare deis fertelt syn frou, dy't ek dielnimmer is oan in *Mahl-Gruppe*, dat har man der yn de auto ek hieltyd oer trochprate.

Heinz, Britta en ik sitte noch even nei mei in gleske fris. De galerie krijt noch in lêste restje sinne mei. Der is ek noch wat oer fan de *Matjesherring*, dy't Heinz kocht hie om de gasten wat lekkers oan te bieden nei it optreden. Se lizze tusken de restjes *Zwiebel und Gurken*, dy't der smaakfol omhinne dresseard wienen. We prate oer de minsken dy't der wienen. Eins inkeld kunde fan harren. Britta memoreart, op in toan dy't in miks is fan besoargheid, verwûndering en ergernis, wat der net allegear dien is om ek oare minsken hjirhinne te krijen. Se hat sûnt koart in digitale slach makke en myn optreden ek oankundige op 'insta' en facebook. Dêrneist wie Heinz foarige wike Dieter Haase tsjin it liif rûn, in sjoernaslist dy't de *Lokalredaktion* fertsjintwurdiget fan de *Havelberger Volksstimme* en dy't ek altyd rejaal wurk makket fan harren útstallings. Mei as gefolch, dat der in pear dagen earder in artikel yn dat blêd stie mei as kop: *Holländischer Nachmittag in der Galerie Stadtinsel*.

Herr Haase hat sels ek noch in part fan it optreden meimakke, mar is earder fuort gien omt er nei it pleatslike swimbad moast foar in reportaazje oer *Hunde-schwimmen*: in jierlikse tradysje yn Havelberg, wêrby krekt foar it swimbad ticht giet hûnen as lêste der yn swimme meie.



Nettsjinsteande alle publi-
sitêre ynspannings en oandacht
sitte der dizze middei noch gjin
tweintich minsken foar my as ik
úteinset mei de folslein Dútske
ferzy fan wat op it affysje no hjit:

Die lange Reise nach Berlin.

Ik fyn it net slim. En sels wol
noflik. It makket it ta it formaat
'húskeamer-foarstelling, dêr't ik
my o sa by thús fiel. Foar my is
it *Spielerei* wurden. De kearn is
itselde: ik wol myn ferhalen ûn-
der de minsken bringe, ik wol
fertelle en sjonge. Ik wol oan teksten en presintaasje omslypje, nij wurk útfine, dy driuw is
net minder wurden. Mar yn it publike domyn bin ik oan it neiswyljen. Net dat de rispinge
oait grut wie, it wie fan dat oangeande altyd al op 'e kant omskraabje. Mar dêr meitsje ik my
net mear sa drok om. Britta wol.



Foar har is it in *Aha-Erlebnis*. Want by de *Ausstellungen*, dy't se altyd mar wer foarinoar
krijt en dêr't se besiket har nije wurk 'ûnder de minsken te bringen', is it ek faak: meast falt
de belangstelling ôf, somt falt it ta. Se is fjirtsjen jier jonger as ik en doe 't ik sa âld wie hie
ik deselde frustraasjes en opstannichheid. En deselde fêstbeslettenheid om troch te gean.

It is oars in memorabel optreden. De lietsjes ken ik goed, kin ik sa sjonge, mei de ferha-
len haw ik de lêste wiken oan it oersetten west. It 'frije' fertellen is soms wat ûnwennich, sa
goed is myn Dúts no ek wer net, mar foar alle wissichheid haw ik de teksten ek útprinte by
de hân en skeakelje út en troch oer op in *Lese-probe*. De winst fan dit alles is dat ik yn de
Deutsche Fassung tal fan nije ideeën krigen ha, dy't ik no weromkeppelje kin nei de Fryske
en Nederlânse ferzys. Sa bliuwt it 'work in progress', lykas alle keunst.

Dy foarstellings hoopje ik meikoarten wer mei te begjinnen. Hjirûnder it listje. Hoefolle
der komme meie - al dan net mei koronapas - is noch ûnwis en kin ek samar wer feroarje.

Mar: tige wolkom!

Snein 26 september	Terband, tsjerke	15.00 oere
Snein 3 oktober	Britswert, tsjerke	15.00 oere
Snein 24 oktober	Sânfurd, tsjerke	15.00 oere
Snein 31 oktober	Fransum (Gr.), tsjerke	15.00 oere

spesjale foarstelling (alle lietsjes yn it Dúts):
Sneon 30 oktober Fransum (Gr.), tsjerke 20.00 oere

kaarten € 10,- m.u.f. Sânfurd:
frije bijdrage foar restauraasje &
ûnderhâld fan 'e tsjerke.

fan te foaren even oanmelde:
06-2915260 - of fia in mail:
info@benniehuisman.nl

'Po@dium' is in Persoanlik Digitaal Magazine - dit is de 1e ôflevering fan 2021

En it begjin fan in nije rige, dy't de tiden fan it jier folget.

Réaksjes binne altyd wolkom: info@benniehuisman.nl

Wa't op 'e ferstjoerlist wol cq op it tastjoeren gjin priis stelt: lit it witte.

www.benniehuisman.nl